

Histoaryske 'whodunnit' of leafdesferhaal fan Henk de Haan?

FD 13-01-2007

troch Yvonne Dijkstra

Henk de Haan mei graach it ferhaal fan lytse minsken pleatse tsjin it dekôr fan de skiednis. Dat liet er al earder sjen yn romans as *Marije - oarloch en leafde yn 'e Spaanske tiid*, en dat docht er no wer mei faasje yn syn nijste boek *De lapkepoep*. Dizze kear is de haadpersoan in jonge Dútse lapkekeapman, Adam Feldmann. Dizze lapkepoep komt as jongkeardel út Mettingen wei nei Fryslân mei mear as ien doel. Yn 't foarste plak wol er, lykas safolle Dútse lapkepoepen yn dy tiid en lykas syn heit silliger, it tekstyl útsútjelje dat syn famylje yn de wintermoannen

makket. Mar der is mear. Doe't er in lyts jonkje wie is syn heit yn Fryslân ferûngemakke en Adam wol safolle jier nei dato útsykje oft dat wier in ûngelok wie of dochs moard.

Ast dizze koarte gearfetting fan it ferhaal lêst, liket it krekt of is De Lapkepoep in echte *whodunnit*, mar dat falt in bytsje ôf. De Haan komt sa no en dan werom op de moard op heit Feldmann, mar der binne ek skoften dat Adam it folle drokker hat mei oare saken. Lykas it finen fan in gaadlike frou bygelyks, of it opsetten fan in foernitueresaak yn it Hearrefean. Dêrtroch is De Lapkepoep net in boek dêr't jo by op it puntsje fan de stoel sitte mar dochs sitte jo

wol daalk yn it ferhaal. Dat komt net yn it lêste plak trochdat De Haan syn lêzers yn it ferhaal lûkt, troch in aardige ferhaaltechnyske trúk mei harren út te heljen. Hy lit syn fertelling begjinne mei in neikommeling fan Adam Feldmann. Dizze Rimmer Feldman - sûnt de Twadde Wrâldoarloch mei ien 'n' - fynt tafallich it emaille boerd dat hearde by de foernituerewinkel. Dêrmei bewiist de skriuwer dat hy net samar in ferhaal fertelt, mar dat it 'wier' bard is en syn spoaren neilitten hat yn it no.

De Haan set noch mear prikken yn it wurk om it ferhaal spannend te hâlden, sa as de foarsizzende dreamen dy't Adam al fan jongs ôf oan hat en de ferdwining fan

ien fan de byfigueren. Dochs is dat net genôch om te ferhinderjen dat it ferhaal de flakke kant it neist bliuwt. It hie faaks de baas west en bring hjir of dêr wat sterkere aksinten oan. Sa wurdt in oanfal op Adam syn frou Aaltsje, wêrby't Aaltsje foar dea achterlitten wurdt, hast yn ien azem neamd mei in saaklik konflikt dat Adam hat mei syn famylje: „Adam komt mei it guod, mar slim teloarsteld werom op It Hearrefean. Dêr wurdt syn gemoed der net fleuriger op. Hy fynt Aaltsje foar dea oer de flier fan de winkel lizzen, mei in bliedende wûne oan de holle. Adam wurdt slim kjel en it kringt ta him troch hoe mâl oft er mei har is” (side 98/99) My tinkt dat jo

yn sa'n situaasje, as jo jo frou foar dea oantrefte op de flier fan jo winkel, dochs wol wat mear fiele as 'hjirfan wurdt myn gemoed der net fleuriger op'. Boppedat wurde in pear krusjale ferhaalaspekten - it ûntdekken dat Aaltsje mear foar him betsjut as er tocht hie, it teloarsteld wêzen yn de reaksje fan syn broer en it trochsnijen fan alle famyljebannen - hjir samar yn ien alinea by inoar fage.

De belofte dy't De Lapkepoep as histoaryske thriller hawwe koe, wurdt dus net hielendal wiermake.

Henk de Haan, De lapkepoep, Ljouwert, Friese Pers Boekerij, 2006, priis: 14,95